

MUNLINGE FRAGEN, ex artikel 40 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Frou Fokkens, deputearre
Underwerp	Feilichheid brêgen
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>1. Steuringen en feilichheid</p> <p>Yn de simmer fan 2019 wienen op ferskillende plakken yn de provinsje steuringen oan brêgen, bygelyks oan fiif brêgen oer it Prinses Margrietkanaal en de Lits op 16 augustus troch in stroomsteuring yn it bestjinningsproses en by de Burgumerdaam-brêge op freed 30 augustus (dy't ek yn 2018 al mei problemen te kampen hie).</p> <p>Dit kin ta gefaarlike situaasjes liede, lykas bliken die doe't fytsers dy bewuste freed troch it Bulthuis-akwadukt yn de Sintrale As-autodyk riden, of foar de need-tsjinsten dy't fêst komme te stean of omride moatte (hjiroer waarden yn oktober 2017 yn PS al múnlinge fragen stelt troch de ChristenUnie, neidat in ambulânse 10 minuten foar de brêge by Skûlenboarch wachtsje moast; nei oanlieding fan de steuringen yn 2019 hat de gemeente Tytsjerksteradiel yn in brief fan 5 septimber om opheldering frege by it Kolleezje).</p> <p>It Prinses Margrietkanaal is op 1 jannewaris 2014 troch de Provinsje oerdroegen oan Rykswettersteat. Neffens it brief fan it Kolleezje fan 24 septimber 2013 waard de betsjinning noch oant 2019 ta troch de provinsje útfierd. Boppedat waard yn it taheakke konvenant tusken Rykswettersteat en de provinsjes Grinslân en Fryslân fêstlein dat de nije behearssituaasje yn de kommende tsien jier minimaal twa kear evaluearre wurde soe.</p> <p>2. Feilichheid fan ôfstânbestjoering</p> <p>Op 4 septimber 2019 hat de Onderzoeksraad voor Veiligheid (OVV) in rapport útbrocht oer de feilichheid fan op ôfstân betsjinbere brêgen. Der binne op ferskillende plakken yn Nederlân ûngelokken west mei op ôfstân-betsjinbere brêgen.</p> <p>De konklúzje fan de OVV is (p. 57-58) dat dy gearhingje mei it útbliuwen fan uniformiteit en dúdlike rjochtlinen. Der binne gjin lanlik kaderstellende noarmen foar it betsjinjen fan op ôfstân betsjinne brêgen. In soad brêgen kinne net feilich op ôfstân betsjinne wurde omdat it folsleine byld ûntbrekt. Ek wurdt der faak gjin oandacht skonken oan de betsjinnings-protokollen yn relaasje ta de minsklike faktoaren.</p> <p>Neffens útlittingen fan amtners fan de provinsje Fryslân yn de media fan 4/5 septimber, soe de situaasje mei de brêgen dy't by de provinsje yn behear binne wol yn oarder wêze.</p>

	<p>3. Feilichheid op it Prinses Margrietkanaal</p> <p>Op 20 july 2018 hat Provinsjale Steaten mei grutte mearheid in moasje oannaam oer de feilichheid op it Prinses Margrietkanaal en Deputearre Steaten oproppen der by de regionale direksje fan Rykswettersteat oan te stean op in fierdere ynventarisasaasje fan de feilichheid op dat kanaal en maatregels om dy te ferheegjen. In antwurd fan de kant fan DS is noch yn behandeling.</p> <p>Foar de brêgen yn Fryslân yn behear by Rykswettersteat sil der op de Lemmer in nije betsjinnings-sintrale ynrjochten wurde. It Bureau ICT-Toetsing fan it Ministearje hie neffens in rapport út novimber 2018 noed oer de bestjoering en betsjinning fan tsien objekten yn it Prinses Margrietkanaal. Yn de behearsfase is der in gruttere kâns op operasjonele fouten, dy't ta feilichheidsrisiko's liede kinne.</p> <p><i>Ferwizings:</i></p> <ul style="list-style-type: none"> • Nijsberjochten LC, FD, Omrop, Wâldnet: 04/05/13 septimber, 30 augustus, 16 augustus 2019, 5 july 2018 • Brief fan B&W fan Tystjerksteradiel, 5 septimber 2019 • Mûnlinge fragen CU-fraksje, 18 oktober 2017 • Brief Deputearre Steaten: 'Overdracht Prinses Margrietkanaal', 24 septimber 2013, mei konvenant 2011 • OVV rapport 'Veiligheid van op afstand bedienbare bruggen', 4 septimber 2019 • Moasje fan 20 july 2018: 'Inventarisatie veiligheid Prinses Margrietkanaal' • Ministearje fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, Buro ICT-Toetsing: Definitief BIT-advies project 'BopA Fryslân', 2 novimber 2018
Fraach / fragen	<p>1. Steuringen en feilichheid</p> <p>De ôfrûne simmer hawwe der steuringen west mei brêgen yn Fryslân, benammen by Burgum en fanút de betsjinningspost yn Skûlenboarch, dy't seis brêgen oanstjoert.</p> <p>1.1. Is it by it Kolleezje bekend dat der gefaarlike situaasjes ûntstien binne, bygelyks troch fytters dy't de autodyk/akwadukt naam hawwe omdat de brêge oeren lang ticht wie, needtsjinsten dy't omride moasten of minderfaliden dy't oeren yn de sinne wachtsje moasten)?</p> <p>1.2. Wat binne de oarsaken fan de steuringen en wat kin deroan dien wurde dat dizze net op 'e nij foarkomme sille?</p> <p>1.3. Stiet it Kolleezje der by Rykswettersteat op oan dat de problemen mei de brêgen yn it Prinses Margrietkanaal sa gau mooglik ferholpen wurde?</p> <p>1.4. Yn it konvenant oer de oerdracht fan it Prinses Margrietkanaal (2011) binne foar de earste tsien jier twa</p>

	<p>evaluaasjes fan de nije behears situaasje tasein. Is de earste evaluaasje yntusken al west en wol it Kolleezje de útkomsten mei ús diele?</p> <p>2. Feilichheid fan ôfstânbestjoering</p> <p>2.1. Neffens útlittingen fan amtners yn de media binne der gjin serieuze ynsidinten west mei de brêgen dy't yn behear binne by de provinsje. Kin it kolleezje dat befêstigje en hoe is dat mei de brêgen yn behear by oare partijen lykas de Fryske gemeenten, Ryks wettersteat en ProRail?</p> <p>2.2. Wat docht it Kolleezje mei de befiningen fan de OVV oer de oarsaken fan de ûngelokken mei fan ôfstân betsjinbere brêgen?</p> <p>3. Feilichheid op it Prinses Margrietkanaal</p> <p>3.1. It Kolleezje hat ferline jier nei oanlieding fan de moasje fan PS (20 juny 2018) in brief tasein oer de feilichheid op it Prinses Margrietkanaal en oer in ynventarisasje fan knipepunten en konkrete oplossingen troch Ryks wettersteat. Wêrom hat PS dêrop noch gjin antwurd krigen?</p> <p>3.2. Neffens Bureau ICT is der by nije betsjinningsintrale op de Lemmer yn de behearsfaze in gruttere kâns op operasjonele fouten, dy't ta feilichheidsrisiko's liede kinne. Sprekt it Kolleezje Ryks wettersteat der op oan om alles te dwaan sadat dy feilichheidsrisiko's sa net optrede sille?</p>

Yntsjinner(s)	<p>(fraksje / namme / hântekening)</p> <p>Ut namme fan de FNP Steatenfraksje,</p> <p>Wopke Veenstra</p>
---------------	---

Datum	25-09-2019
-------	------------